



2021 / Z295924-2020

MOASJE

Art. 49 RfO

Moasje nei oanlieding fan agendapunt nû. 6 yn de riedsgearkomste fan 21-01-2021

De ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn gearkomste byinoar op 21-01-2021

Underwerp: **Prioriteit by sportfasiliteiten**

De ried,

heard it beried,

oerwaagjend dat:

- no't der in beslút naam wurdt oer de ûntwikkelrjochting fan de Hurddraver en it Tolhúspark, it dúdlik is foar de sportferieningen yn wat foar park oft hja festige wurde;
- de sportferienings lang wachte op dizze dúdlikheid oer harren akkomodaasjes;
- om de realisaasje sa gau as mooglik út te fieren, it fan belang is dat beide parken alle oandacht fan it kolleezje krije;
- der ferskate underdielen binne, werby it ien mear tiid yn planutfiering freget, as it oar;

ropt it kolleezje op:

- om in dúdlik priotering yn de útfieringsplanning te meitsjen werby it realisearjen fan de sportakkomodaasjes, de sportfjilden en it evenemententerrein de heechste prioriteit hat, dit jildt sawol foar de sportferienings op it Hurddraverspark as op it Tolhuspark;
- de oanpak fan de sportfoarsjennings en it evenemententerrein net wachtsje te litten op de oare ûntwikkelingen yn beide parken;
- foar 1 july 2021 de ried in prioriteitenlist takomme te litten

en giet oer ta de oarder fan de dei.

Yntsjinne troch: F. Breeuwsma (FNP), S!N, PvdA, ELP-NEF, GROEN nóf

Stimming	Foar: FNP, S!N, PvdA, ELP-NEF, GROEN nóf, VVD (15)	Tsjin: CDA, CU, GBNF, ALL (14)
Moasje oannaam		

Sa besletten troch de ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn syn iepenbiere gearkomste fan 21 jannewaris 2021.

De ried niisneamd,
de griffier,

Signed By: Dijkstra, Sytze <s.dijkstra@noardeast-fryslân.nl>
26/01/2021 17:07:37 CET
ID: 5fda96f0-49cd-4023-a817-773660caf5b3
Auth: Scribble



mr. S.K. Dijkstra

de foarsitter,

Signed By: Kramer, Johannes <j.kramer@noardeast-fryslân.nl>
26/01/2021 18:05:36 CET
ID: 5fda96f0-49cd-4023-a817-773660caf5b3
Auth: Scribble



mr. J.G. Kramer